

Oantekens fan de jiergearkomste fan de feriening fan doarpsbelangen “de Eendracht” op woansdei 15 april 2009

Oanwêzich: 32 leden en 7 bestjoersleden

De polityk waard fertsjintwurdige troch Lute Pen (GB), Freark Siegersma en Thijs v/d Schaaf (FNP), Johan Harms (GL) en Tjeerd Kuperus (PvdA).

Dhr. Jan Klaas Faber wie oanwêzich fan Faber Uitvaartzorg.

Berjocht fan behindering: de bestjoersleden Jaring Beeksma en Chris Bruinsma.

Fjirder: E.J. Wijnstra, B. van Oosterwijk, B. Faber, J. Bangma en Jan Metselaar.

1. Iepenjen

It is goed 20.00 oere as foarsitter Rinske elk wolkom hjit op de jiergearkomste. In spesjaal wurd fan wolkom foar de fertsjintwurdigers fan de polityk.

Yn har iepeningswurd hellet Rinske it bloeiend ferieningslibben oan. Fjouwer ferienings dy't jubilearje en meiïnoar in grut feest oanbiede oan de ynwenners fan Deinum. Hja freget ek oandacht foar de nasjonale aksjes, wethâlder Verdoner wol graach witte as we hjir ek oan meidwaan wolle. Der komt net folle reaksje út de seal.

2. Oantekens fan de jiergearkomste fan 9 april 2008

Elk hat de oantekens leze kinnen yn de Klaver Trije. Der binne gjin oanmerkings en it ferslach wurdt, mei tank oan Jitsche goedkard.

3. Jierferslaggen fan it bestjoer fan Doarpsbelangen en it Utfearftûns

(bijlagen 1 en 2)

Men hat yn it boekje lêze kinnen wat der allegearre omgiet en dêr binne gjin fragen oer. Rinske hat oangeande de lytse bieb noch in lytse oanfulling. De fam. Koopmans hat de wenning Spoorstrjitte 12 kocht en stelt dizze beskikber foar de lytse bieb.

4. Finansjele ferantwurdig fan Doarpsbelangen en Utfearftûns (bijlagen 3 3n 4)

Frou H. Lautenbach hie in fraach oer it automatysk beteljen en de hear W. Visser frege as de betelling ek fia in aksep-giro kin.

Anko antwurdet dat dit te djoer wurdt.

5. Finansjele ferantwurdig âld papier (bijlage 5) en jierferslach Hiemside

(bijlage 6)

Alles is tige dúdlik en we gean nei....

6. Jierferslach en finansjeel oersicht boartestún ‘it Hofke’ (bijlagen 7 en 8)

Der is in nije boartestúnkommisje beneamd. Harren doel is in nije lokaasje te finen en nije boartesattributen oan te skaffen. Faaks is der takom jier mear te melden oer it hoe, wat en wêr.

7. Bijlagen 9 o/m 11

Gjin fragen en opmerkings oangeande dizze bijlagen.

8. Kaskommisje

De kaskommisje hat de boeken kontrolearre en yn oarder befûn. Hja stelle foar de skathâlder te desjarzjearen. Anko wurdt betanke foar al syn wurk. De finânsjes binne yn goede hannen.

9. Bestjoersferkiezing

- ôfgeand en op ‘e nij ferkiesber, Jaring Beeksma. Hij is der jûn net, mar we binne bliid dat hij noch fjirder wol as bestjoerslid
- ôfgeand en net op ‘e nij ferkiesber, Abe de Boer. Troch drokke wurksumheden hat Abe oanjûn nei 1 perioade net fjirder te gean as bestjoerslid. Tige spitich, mar we hawwe wol begrip foar syn beslút. Abe hat in protte tiid bestege oan it ûndersyk nei de mooglikheden fan in MFS.

- tuskentiids ôfgeand Myriam Haverkamp. Myriam hat ferline jier it plak fan Marijke Heeringa oernaam, mar troch har drokke wurk as kreamkundige wie it dreech om de gearkomsten te besykjen. Lytse poppen hawwe noch gjin weet fan gearkomsten en tiden. Spitich, mar sa is it no ien kear.

Dizze trije minsken krije blommen fan de foarsitter en de hannen opmekear fan de gearkomste.

Der binne gjin kandidaten fûn foar de beide bestjoersleden dy't der mei ophâlde. Tige spitich, we sille earst mei sân man/frou fjirder en de foarsitter kriget mandaat fan de gearkomste om in nij bestjoerslid te beneamen as dit him foardocht.

Dan stiet der skoft op de wurklist, mar eart we oan de kofje/tee kinne kriget earst Johan Mellema noch in bosk blommen en in slûf mei jild foar it lieden fan de klok bij blide en drôve eagenblikken.

10. ??????????????

Nei it skoft is alles wat oars as op foarige gearkomsten. Net it sjen litten fan ús moaie plannen dy't "pan-klear" lizze, want de Haak liket noch fier fuort. De minister skood it hieltyd wer op.

Nee, we wolle no wol ris witte wat ús leden witte fan harren eigen doarp en gemeente. Der wurde groepkes makke en kwismaster Jitsche leit de minsken in 50 fragen foar.

De groepkes mei minsken fan Deinum Doe en No yn harren fermidden hienen wol wat foar, mar dy wiene wol ferdiel fansels.

11. Omfreegjen

It omfreegjen giet faak oer deselde saken lykas hûnestront, it minne grien ûnderhâld ensfh. dat we tochten as elk no ris opskriuwte wat him of har net noasket as wat better kin yn ús doarp, we dan troch middel fan de Klaver Trije hjir op reagearje soene.

Dit foel net sa goed, dat it takom jier wer in gewoan omfreegjen.

Wat net sa lang wachtsje koe is in punt wat master Geert v/d Veen út namme fan de beide skoallen ynbringt. De fernielerij yn it Peaskewykein op skoalle en skoalplein.

De daders binne bekind (omwenjenden hawwe foto's makke), de âlders ynlochte, mar it is in ferfelende saak.

12. Sluten

Neat mear oan 'e oarder slút de foarsitter de gearkomste, betanket foar de oanwêzigens en ynbring en winsket elk wol thús.

Dit wiene de fragen en opmerkings fan punt 11

Der wiene in tal opmerkings oangeande de iisbaan:

- De iisbaan leit der fertutearze hinne
- Moai plak foar de boartestún
- Plak foar skeelerbaan, doarpsfeest, strjitkeatsen, tennisbaan, jeu de boulesbaan ensfh. (sjoch nei de iisbaan Menaam)
- De iisbaan better tagonkelik meitsje

Saken dy't wij trochjûn ha oan de gemeente:

- Hekken op de Twilling opknappe
- Underhâld beammen om it tsjerkhôf
- Der soe in boerd komme moatte om it parkearen yn goede banen te lieden as der wat te dwaan is yn 'e tsjerke. Minsken dy't wenje oan it Tsjerkepaed kinne net fuort as alles folstiet op it smelle paed.

We hawwe it hjir al ris earder oer hân, der stiet in boerd "doodlopende weg" en "parkeerverbod" wat kin jo noch mear.

- De steande stoepetegels yn de Mennerdahôf (41) binne gefaarlik

- Parkearferbod Spoarstrjitte bij skoalle (huzekant)

Fjirdere fragen en opmerkings:

- De tsjerkeklok stiet al hiel lang stil. Is yntusken ferholpen
- Hûnestront bliuwt probleem.
- Plak foar boartestún: bij Ons Huis, iisbaan of skoalleplein. De boartestúnkommisje giet der mei oan ‘e slach.
- Pin automaat: min te lezen as it ljocht der op falt. Dat is bij de measte pin automaten sa, je moatte faak wat skipperje mei jas of sa. Wij moatte lykwols bliid wêze dat der hjir noch hieltyd sa’n apparaat stiet.
- In kompliment foar doarpsbelang foar de nijjerskaarten
- Guon minsken hawwe de útnoeging foar de ledegearkomste te let krigen. Ekskús, it sil net wer barre.
- Kin buslijn 92 nei Boalsert yn Deinum stopje. Dit kin net.
- Fyts- fuotgongersbrêge moat op it plak fan de of te brekken brêge yn ‘e Westergoawei. Hjir is al in riedsbeslút oer naam.
- Hoe sit it mei de “brandweerputjes”. Wit in elk se te finen? Se binne giel ferve en minsken fan de brânwacht witte dit fêst wol.
- Oanplakboerd fernije of op in oar plak sette. ???
- Der binne minsken dy’t fine dat der nachts te folle ljocht skynt, de lantearnen kinne wol út op guon plakken. Dit is neffens de deskundige te djoer en der binne ek minsken dy’t nachts al oan it wurk moatte en it wol moai fine dat se wat sjen kinne en nei alven barne se op heale krêft.
- Komme der noch nije senioarewnten bij: as it oan doarpsbelang leit wol, we ha se frege yn de takomstfisy. Nei de takomstfisy ha we de Deinumer Perspectieven oanbean oan de gemeente. Dy hawwe dat wer ynbrocht bij Gebiedsontwikkeling Nieuw Stroomland.
- Nei it ferhúzjen fan Henri Boers de fraach: is der ek ien dy’t reserve-drager wurde wol. Is it wat foar jo, nim dan kontakt op mei Anko v/d Veen.
- Zou het ook mogelijk zijn het jaarverslag in het Nederlands te doen, niet iedereen kan Fries lezen. Nee, sa lang as ik de ferslaggen skriuw sil dit yn it Frysk barre. As jo it net begripe, kom dan efkes del.
- Sportfjilden moat wat oan dien wurde, fjilden en akkomodaasje wurde hieltyd minder. Doarpsbelang hat hjir al in petear oer hân mei de gemeente.